



DE MAN ACHTER DE STREEPKES

Vonne van der Meer.

De boekekast ûnder yn de hal wie it praat fan 'e dei. Wat in goed idee: ast wat seachst datst lêze woest dan naamst it mei, en it boek datst út hiest kriich in plak yn de kast. Ien fan de bewenners hie him sels ûntwurpen en ynelkoar setten: in moaie, blankhouten kast, mei fjouwer planken, wêrfan't de ûnderste op knibbelhichte oan de muorre fêstmakke wie. Presys goed foar har. Nel – of better sein: de krompen ferzje fan wa't sy ienris wie – koe krekt by de boppeste planke, en hoegde har foar de ûnderste suver net foaroer te bûgen. Dat die se ek leaver net, foar't se it yn 'e gaten hie foel se om.

Se wenne noch mar in jier yn dizze flat, selsstannich noch, tusken minsken fan alle leeftiden; as dit net har lêste hûs wie dan wol it ien-nei-lêste. Foar de komst fan de kast koe se allinnich har neiste buorlju mar, en dan noch inkeld fan gesicht. De iene wie steward, en altyd ûnderweis. Har jonge buorfrou hie in drokke baan, en in noch útputtender sosjaal libben. Alle skuon, tassen, kompjûterkabeltsjes dy't se op ynternet bestelde waarden by Nel Veerman ôfjûn, want dy wie altyd thús, wist de pakjebesonger yntusken. Fierste betiid of te let belle de buorfrou fan wa't se de foarnamme hieltyd fergeat dan by har oan: 'Dankewol, top, superleaf, hartstikke bedankt. Komme jo gau ris even lâns om wat te drinken?' Dat wie der noch net fan kommen, en miskien wie dat ek net sa slim.

De boekekast brocht mear kleur yn Nel har libben, ynienen stie se te praten mei wyldfrjemden. 'En, stiet der wat foar jo tusken?' frege se, wylst se op de lift stie te wachtsjen. Fan it ien kaam it oar. De wat ôfstanlike frou fan de fjirde ferdjipping hie in sterke foarkar foar horror. Mei in spinnich glimke liet se Nel it boek sjen dat se

krekt fan de planke helle hie, it bloed dripte fan it omslach. In atletysk boude fjirtiger, dy't trou alle jûnen syn rûntsjes troch it park draafde, ek as it reinde, pakte in boek oer gokferslaving. Hy sette it gau werom doe't sy deroan kaam, mar wylst se trochrûn seach se yn de refleksje fan de glêzen doar hoe't er it der wer út helle en as in winkeldief ûnder syn jas weistoppe. Der wie gjin peil op te lûken wa't wat lies, watfoar leafhawwerijen, geheimen at de flatbewenners hienen.

De kast wie in boarne fan fermeits, fuorre har nijsgjirrichheid. Op in dei stie der in dikke pil, soerstokrôs mei in titel as – no ja, hiel presys wist se it net mear – sokssawat as: *Seks, de lusten, net de lêsten*. Foar't Nel har ôffreegje koe wa't dat boek achterlitten hie, en belangriker: wa't it meinimme soe, wie it al fuortsnapt. Binnen it oere. Troch wa? De trijedielige brune ensyklopedy lykwols stie der nei in moanne noch altyd. Trije weesbern, ticht tsjinelkoar oantreaun om mar sa min mooglik plak yn te nimmen. Oerstallich, nutteleas, want alles wat dy boeken oan kennis te bieden hienen, fûnen je tsjintwurdich op ynternet. Se kriich begrutsjen mei se, hie se wol adoptearje wollen – oant se weromtocht oan de doaze.

Ferline hjerst, flak nei har ferhuzing hjirhinne hie se in doaze fol boeken fuordien, fan Olaf, har ferstoarne man. Underwerpen en titels seinen har neat. Sy lies leafst ferhalen en romans, hy gedichten en biografyen. De earste jierren nei't se troud wienen woe hy har noch wolris in gedicht foarlêze dêr't er entûsjast oer wie, suver fol fan wie. Altyd froulike dichters – hiel yrritant. Hy lies it gedicht plechtich foar, mei in lichte galm; dan sette sy har lústergesicht op, mar tocht oan oare dingen – oant hy it fernaam en ophold mei lêzen.

'Sorry,' sei se en se sprong op om wat te dwaan, 'de holle stiet my der no net nei.' Hy fûn dat pynlik, sy net, der wie ommers genôch dat se wól dielden. Tegearre koenen se oeren nei muzyk lústerje, en dat die se nei syn dea noch altyd, mar syn boeken oer komponisten soe se noait lêze, wist se. En ek net de libbensferhalen fan fersetshelden, foarsten, politisy. Wat moast se dêrmei? Drees –

harren bern wisten amper wa't dat wie.

Belje mar in antikwariaat, hie harren âldste dochter sein, doe't se wer oer de doaze begûn en se hie in telefoannûmer opskreaun. Mar yn de gaos nei de ferhuzing wie Nel dat kwyt rekke. De doaze mei Olaf syn boeken stie yn 't paad; yn de berging wie gjin plak mear. Op in jûn, nei't se der hast oer stroffele wie, hie se de doaze neist de container mei âld papier setten. Och, hie dy kast yn de hal der mar earder west.

It soe noch seker in wike as twa duorje foar't dêr in boek yn stie wêrfan't se tocht: dit is miskien wat foar my. Nei trije bledsiden wist se dat se har fersind hie, mar doe't se de roman werombrocht, wie syn plak ynnommen troch in Sweedske thriller. De kast wie grôtfol, der koe gjin boek mear by. Hoewol't it tsjin de regels wie, lei se it boek dwers op it rychje neislachwurken en naaide út. 'Dat is net de bedoeling, oars wurdt it hjir in rommeltsje', hearde se achter har – de stim fan in frou dy't net allinnich de húsregels koe, mar yn alle opsichten foarbyldich libbe. Toskeknarsend naam Nel it boek wer mei nei boppen, mar de jûns gong se werom en skode en skikte krekt salang oant har miskleun dertusken paste.

In pear dagen negearre se de kast, oant se der op in moarntiid wer nei ta lutsen waard troch in dwers boek dat him neat fan de regels oanluts. Nijsgjirrich pakte se it snústerige boek op; omslach en titel hienen wat eigens, lieten in beltsje rinkelje, mar net sa twingend as de skoalbel foarhinne: opsjitte, komst te let. It wie earder in sacht, lokjend beltsje: nim my mei, lê's my. En hoewol't se noait gedichten lies besleat se it derop te weagjen. Ienkear boppe lies se de bondel net daliks, en ek letter net yn ien kear fan kaft oant kaft. Se hie foarearst genôch oan de streepkes dy't de foarige eigener of eigeneres yn it boek setten hie. In frou – dêr wie se wis fan, ien dy't sa werkenber reagearre moast wol in frou wêze. Se lies de oanstrepe sinnen lûdop: 'Er stond een kind op de kade/ – ik was het, ik was nog klein –/ het had niets meer nodig op aarde/ om volkomen gelukkig te zijn.'

De iene kear hie de ûnbekende in pear wurden ûnderstrepe,

dan wer in hiele rigel. Soms stie der in fertikaal streepke yn de kantline, sa tin as de ôfdruk fan in fûgelpoatsje op it strân by eb, en by ien gedicht sels in útropteken: ‘... Zeven maal om de aarde te gaan/ als het zou moeten op handen en voeten...’ Dy rigels klonken har bekend yn ’e earen, en al lêzendewei hearde se yn gedachten net har eigen stim mar dy fan in man, wêrtroch’t de hân dy’t de streepkes setten hie ek dy fan in man waard.

It barde ûngemurken: se woe him kennen leare. Se wie him tankber foar de sinnen, bylden, dêr’t er har, sûnder it sels te witten, op wiisde. By elk streepke wie it as oft er har oanstjitte: tink derom, no komt it, lês hjir net oerhinne Nel. It wie krekt as oft er fia de streepkes tsjin har prate. Se woe him fertelle hoe bysûnder at se dizze moetingen fûn. Him freegje wêrom’t er dit boek yn himelsnamme fuordien hie, dat moast hast wol in fersin wêze. In boek lykas dit woenen je dochs de rest fan je libben by je hâlde? Dêrom hong se in briefke op de sydkant fan de kast yn ’e hal. *Nel Veerman fan 184 siket kontakt mei de foarige eigener fan in boek, titele Verzamelde gedichten* ensafuorthinne.

Al dyselde jûns wie har briefke fuorthelle. Fol spanning wachte se oant der oanbelle waard, ûnder fia de ynterkom of direkt by har oan ’e doar. Se lústere oft se fuotstappen oankommen hearde, in kuchje op ’e gong. Alle mooglike moetingen stelde se har foar, ek de ferfelende, om in teloarstelling foar te kommen: de man wie miskien net sa aardich as syn streepkes, of: hy hie it boekje yn ’e kast setten om’t de ynhâld him neat mear sei. Boeken koenen him net mear boeie, minsken trouwens ek net. Sa’nien koe se mar better yn syn eigen sop gearsiede litte.

Mar op in oar momint seach se him al sitten, dêr, tsjinoer har yn Olaf syn stoel, in man alhiel sa’t de streepkes beloofden. Hy lies har in gedicht foar, en sy him in stikje út de krante. Se ieten tegearre, by him en dan wer by har, en harken nei muzyk. Se seagen mei syn twaen nei wat sleaus op ’e telefyzje, om dêr ienriedich oer krimmenearje te kinnen. Programma’s oer mislearre ferbouwingen, leafdes, ferhuzingen nei it bûtenlân – dêr bleaunen se graach foar thús.

Op sneontemoarn, in pear dagen letter, stie der in smelle, rossige man by har foar de doar. De man fan de streepkes – se slokte. Hy wie in jier as tritich en hie in trouring om. Yn syn iene hân hie er har briefke, yn de oare in plestik tas, mei boeken sa te sjen. Hans. Se wie him wolris tsjinkommen mei syn swangere frou. Se liken in bytsje opelkoar, dat seachst wol faker by steltsjes. Op de freonlike eachopslach nei wie hy net de man dy't se ferwachte, dochs nûge se him deryn. Hy antwurde dat hy net folle tiid hie – sneons dienen se altyd boadskippen –, mar in bakje kofje koe wol. Wylst se kofje sette, fermanne se har en ynformearre nei syn swangere frou; oft sy wyls al befallen wie?

‘Myn swangere frou? Dat moat myn suske west hawwe. Ik ha gjin frou.’

Se seach nei de gouden ring oan syn finger. Hy folge har blik.

‘Ik bin wol troud ja, mar mei in man. Mei myn suske giet it goed, dankewol, se rint op alle dagen.’ Hy swaaide mei it briefke. ‘Wat woenen jo witte?’

Se wiisde nei it boek op 'e tafel. ‘Ik waard gewoan hieltyd nijsgjirriger. Troch de sinnen dy't jo oanstrepe hawwe.’

‘Sizze jo mar do. Ik hie jo soan wêze kinnen.’

Se seach him oan, nettsjinsteande it leeftiidsferskil koenen se miskien befreone reitsje. Hy wie in bysûnder mins, dat koe net oars.

‘Sommige streepkes, ûnder bepaalde wurden, tafallich krékt dy't my ek reitsje. Dêrtroch wie it as oftsto neist my sietst en tsjin my pratest. Dizze bygelyks: “Zeven maal om de aarde te gaan/ als het zou moeten op handen en voeten;/ zeven maal, om die éne te groeten ”... Ik lear dit gedicht no út 'e holle,’ sei se, ‘sadat ik it ek by my haw as ik op in dei net mear lêze kin.’

Se biet op har lippe, se woe net emosjoneel wurde, mar sûnt Olaf syn dea hie se net mear sa mei ien praten.

‘O, mar dy streepkes binne net fan my,’ sei Hans, en hy begûn te laitsjen.

‘Net fan dy, fan wa dan wol? Fan dyn freon, dyn man bedoel ik?’ Hy skodholle. ‘Ik haw dat boek fûn, op strjitte.’

Flak foar't it begûn te eazjen, hie Hans de doaze rêden. Hy wie der krekt op 'e tiid by, de boppeste boeken hie er mei de flap fan syn jas beskerme. Se knikte ôfwêzich. Dy bui hie se út har bewustwêzen band, mar no kaam har wer yn 't sin dat se by de earste drippen al foar har sjoen hie hoe't Olaf syn dierbere boeken ien grutte wiete massa waarden wêryn't de letters, as eamlers yn in board brij, foar har libben fochten. Om it lûd fan de rein net hearre te hoegen hie se de telefyzje lûder setten.

'No en dan helje ik in boek út dy doaze, mar as it my nei in pear bledsiden neat seit, lis ik it oan 'e kant,' sei Hans. 'Tanksij de kast yn de hal komme se no gelokkich goed terjochte.'

It bleau even stil. Fluch dronk er syn kofje op.

'Ik haw noch in pear boeken foar jo út 'e doaze fiske.' Hy wiisde nei de plestik tas by syn fuotten. 'As jo se net hawwe wolle, dan geane dy ek yn 'e kast.'

'Nee, jou hjir mar.' Longerich stuts se har hân út.

Gauwer as se hope hie, gong Hans oerein en naam ôfskie. Mar it hindere neat. Se seach yn de plestik tas. Se hie ynearsten genôch te lêzen. It wie noait te let om de man achter de streepkes better kennen te learen.

Vonne van der Meer

*Suggestje foar de foarlêzer: it soe moai wêze as jo nei it foarlêzen, nei it applaus, by wize fan tajefte it hiele gedicht fan Ida Gerhardt foarlêze kinne.

Zeven maal om de aarde te gaan,
als het zou moeten op handen en voeten;
zeven maal, om die éne te groeten
die daar lachend te wachten zou staan.
Zeven maal om de aarde te gaan.

Zeven maal over de zeeën te gaan,
schraal in de kleren, wat zou het mij deren,
kon uit de dood ik die éne doen keren.
Zeven maal over de zeeën te gaan –
zeven maal om met zijn tweeën te staan.

Vonne van der Meer (Eindhoven, 1952) debutearre yn 1985 mei de ferhalebondel ‘*Het limonadegevoel en andere verhalen*’, wêrnei’t se sawat om de twa jier wer in nij boek útbrocht. Yn de roman ‘*Eilandgasten*’, dy’t sjoen wurdt as har trochbraak, steane seis ferhalen mei as ferbinend elemint in fakânsjehúske op Flylân. Dy roman waard it earste diel fan in suksesfolle trilogy mei itselde basistema; letter folgen ‘*De avondboot*’ en ‘*Laatste seizoen*’. Yn augustus 2017 ferskynde har nije ferhalebondel ‘*Brood, zout, wijn*’ by útjouwerij Atlas Contact.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan *De Leescoalitie* yn it ramt fan de Nasjonale Foarlêslunsj 2017. Op freed 6 oktober 2017, Nasjonale Aldereindei, wurdt de fyfde edysje fan de Nasjonale Foarlêslunsj holden. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze dy deis foar oan âlderen troch it hiele lân. De Foarlêslunsj wurdt organisearre troch *De Leescoalitie* yn gearwurking mei de Biblioteken en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen deibesteging is, dy’t bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen. Wolle jo mear witte oer de Foarlêslunsj? Gean nei www.nationalevoorleeslunch.nl.

de  Leescoalitie



**NATIONALE
VOORLEESLUNCH**

afûk

